

Oan de Steatefraksjes fan D66, Grienlinks,
PvdA, ChristenUnie en SP
o.f. dhr. Van der Weijde, frou Kuipers,
frou Hamstra, dhr. Vd Pol en frou Goede

Ljouwert, 20 septimber 2022
Ferstjoerd, 21 SEP. 2022

Us skaaimerke : 02027645
Ofd./Opjefte : Kabinet Kommissaris fan de Kening
Behannele :
troch
Jo skaaimerke :
Taheakke(n) :

Underwerp : Beântwurdiging skriftlike fragen oer de opfang fan flechtlingen

Achte Steateleden,

Jimme skriftlike fragen op grûn fan kêst 42 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 31 augustus 2022, beântwurdzje wy as neikomt.

Inleidend

De asielopvang zit vol. Een complex probleem als gevolg van onder andere (opvang)beleid, een toename van onveiligheid in de wereld, slechte doorstroming, personeelstekort en een schrijnend woningtekort. De opvangplekken zitten hierdoor overvol. In Ter Apel slapen mensen al dagenlang buiten, met alle gevolgen voor de gezondheid en veiligheid van dien. De Inspectie Gezondheidszorg en Jeugd heeft daarop op 26 augustus alarm geslagen over de gezondheidssituatie op het terrein. Voor het eerst in de geschiedenis is Artsen zonder Grenzen in Nederland in actie gekomen om hulp te bieden aan de asielzoekers in Ter Apel. Nederland is in een asielcrisis.

Het kabinet heeft inmiddels met gemeenten aan een akkoord gewerkt om de crisis op te lossen. Gemeenten zouden in totaal 20.000 statushouders moeten huisvesten. Het kabinet wil de komende jaren ruim 730 mln. euro uittrekken voor verschillende projecten om de opvangcrisis te bestrijden zoals noodopvang, huisvesting en flexwoningen. Desondanks blijven honderden mensen in onzekerheid over waar ze iedere avond slapen en hun asielprocedure.

In het licht van de situatie en het grote publieke belang hopen wij dat u de geste wil doen aan Provinciale Staten deze vragen te beantwoorden, ondanks dat (sommige van) de vragen raken aan taken van de CvdK als Rijksheer.

D66, GrienLinks, PvdA en ChristenUnie en de SP maken zich zorgen over de asielcrisis en stellen daarom de volgende vragen.

Taljochting op de ynlieding

Mei it each op de aktualiteiten is it goed om nochris koart te sketsen hokker rol en posysje de kommissaris fan de Kening (kfdK) hat oangeande de asylopfang en ek oangeande de ferantwurding rjochting Provinsjale Steaten.

Grûnwetlik is de kfdK primêr provinsjaal orgaan (sjoch kêst 125 fan de Grûnwet). Kêst 126 fan de Grûnwet skriuwt foar dat de kfdK ek mei in amtsynstruksje út de regearing wei belêste wurde kin. Op grûn fan kêst 182 fan de Provinsjewet, fierder útwurke yn de *Amtsynstruksje kommissaris fan de Kening*, hat de kfdK in tal taken as ryksorgaan. Dy taken ferfollet de kfdK troch de wei fan bestjoerlik oerlis en gesachhawwend optreden en net troch de wei fan it útoefenjen fan spesifike wetlike foegen.

Yn de hjoeddeistige situaasje oangeande de asylopfang hannelet de kfdK as ryksorgaan. Sa sit de kfdK de provinsjale regytafel foar, dêr't de ôfstimming tusken COA en gemeenten oer de opfang fan asylsikers syn beslach yn kriget. It gefolch fan it hanneljen as ryksorgaan is dat de kfdK, oangeande asylopfang, inkeld ferantwurding oan de regearing ôflizze moat en net oan Provinsjale Steaten (sjoch kêst 182, lid 5 fan de Provinsjewet). Oanfoljend krije Deputearre Steaten posysje, sadree't asylsikers in ferbliuwsfergunning krije. De provinsje sjocht derop ta dat gemeenten harren taakstelling foar de húsfeesting fan dy statushâlders realisearje.

Vraag 1:

Kunt u aangeven of er naar aanleiding van de berichtgeving over Ter Apel gesprekken zijn gevoerd met de Friese overlegtafel asielopvang over het tijdelijk opvangen van de groep asielzoekers die niet in Ter Apel terecht kan? Zo ja, wat was de uitkomst van die gesprekken?

Antwurd fraach 1:

De opdracht is by de Feilichheidsregio's belein.

Vraag 2:

Is er vanuit Friesland een gecoördineerd aanbod uitgebracht richting Den Haag voor de opvang van extra asielzoekers? Zo nee, waarom niet? Wat gaat en kan de provincie concreet doen op de korte termijn om Ter Apel verder te ontlasten, alsook op de middellange termijn?

Antwurd fraach 2:

De ekstra opfang dy't nedich is, is as opdracht by de Feilichheidsregio's belein.

Vraag 3:

Bij de 1^e Berap 2022 is door het College aangegeven dat Fryslân als een van de eerste regio's voorziet in crisisnoodopvang en doet wat in haar vermogen ligt in het zoeken en creëren van opvangcapaciteit.

Is er al gebruik gemaakt van het aanbod van de provincie om onroerend goed beschikbaar te stellen? Zo nee, waarom niet?

Antwurd fraach 3:

Twa gemeenten hawwe gebrûk makke fan it oanbod fan provinsjaal fêstgoed. De gemeente Weststellingwerf fangt sawat 20 flechtlingen op yn in eardere boerepleats yn Aldeholtpea. De gemeenten De Fryske Marren hat gebrûk makke fan it provinsjaal fêstgoed foar de húsfêsting fan in húshâlding mei in ferbliuwsstatus.

Vraag 4:

Kan het college een update geven over het omvormen van Rijks-, provinciaal en ander maatschappelijk of zakelijk vastgoed naar (tijdelijke) huisvesting? Kan het college hierin ook een beschrijving geven van haar rol en inzet naar aanleiding van eerdere vragen vanuit de Staten (zie schriftelijke vragen van 9 maart 2022)? Op welke manier stimuleert het College de medeoverheden en het bedrijfsleven/pandeigenaren om gebruik te maken van (provinciale) regelingen en die in te zetten voor deze huisvesting?

Antwurd fraach 4:

Wy geane allinne oer it provinsjaal fêstgoed en hawwe dat oanbod dien. It Ryksfêstgoedbedriuw giet oer it oanbod fan ryks ûnreplik goed. Op it stuit hawwe wy gjin regeling dy't spesifyk de húsfêsting fan statushâlders stimulearret. It Ryk biedt ferskate mooglikheden, wêrby't de húsfêsting fan statushâlders ferhastige wurde kin. Wy wize de gemeenten op de mooglikheden en regelingen dy't it Ryk dêrfoar biedt.

Vraag 5:

Op welke manier kan en wil de provincie meewerken aan een oplossing voor het tekort aan personeel, zowel voor het (ver)bouwen van de locatie(s) alsook ondersteunend en operationeel personeel?

Antwurd fraach 5:

Op it stuit foarsjocht it Ryk yn de fraach nei personiel foar opfang. Yn de bestjoerlike ôfspraken trochstream migraasje tusken it Ryk, de Feriening Nederlânske Gemeenten en it Ynterprovinsjaal Oerlis fan 26 augustus 2022 is opnommen dat it Ryk de oanbesteging foar personiel ynset foar regio's dy't dêr in berop op dogge. Alle kosten foar personiel dy't Feilichheidsregio's sels ynhiere foar krisisneedopfang en de organisaasje datoangeande wurde fergoede, ynklusyf finansjele ferplichtings foar langere tiid, dy't dêrtroch ûntsteane. Dat jildt ek foar de ynset fan meiwurkers fan gemeenten as dat net harren gewoane wurk is of as Feilichheidsregio's harren ynliene.

Wy tiidzje derop dat jo fragen mei dizze reaksje foldwaande beäntwurde binne en dat jo rekken hâlde wolle mei de ûnderskate rollen en posysjes.

Mei heechachting,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A. Schepers, MSc, sekretaris